

Oan de leden fan de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân
Postbus 13
9290 AA Kollum

Us merkteken: Z277352-2020

Behannele troch: D. Keegstra
E-mailadres: d.keegstra@noardeast-fryslan.nl
Datum: woensdag 16 september 2020

Underwerp: Antwurd op fragen riedsmoasje 2 july 2020 oer publik ynvestearringskrediet foar
ûntwikkelingen yn Tolhúspark en Harddraverspark Dokkum

Achte ried,

Op 25 juny 2020 is der in riedsmoasje oannaam mei in oprop oan ús kolleezje om foar 1 jannewaris 2020 by jo ried werom te kommen oer te setten ferfolgstappen foar rekreative ûntwikkeling fan it Harddraverspark en dermei ferbûne (sport-)ynvestearrings yn it Tolhúspark te Dokkum.

Dernei is der op 2 july 2020 noch in riedsmoasje oannaam mei in nije oprop oan ús kolleezje om jo ried foar 1 oktober 2020 in oersicht te jaan fan beskikbere besteand publik ynvestearringskrediet foar ferskillende opjeften yn beide gebieten. Op de fragen yn de lêstneamde motie wolle wy yn dit skriuwen antwurd jaan.

It foar rekreative funksjes ûntwikkeljen fan Harddraverspark is ûnderdiel fan de totale finansiering fan fase 3 Súd Ie (neffens jo riedsbeslút fan juni 2019). Oer fase 3 Súd Ie binne yn it ferlingde hjirfan destiids ek bestjoersôfspraken mei de provinsje makke. Foar rekreative herûntwikkeling fan Harddraverspark is binnen dit kader € 2,2 miljoen ynvestearringskrediet beskikber.

Foar it ferbetterjen en útbreiden fan parkeerfoarsjenning De Harddraver is earder € 0,51 miljoen ynvestearringskrediet troch de ried beskikber stelt. Yn de begrutting is fierder noch rekkening hâlden mei in troch de ried ynstelde foarsjenning foar de fereiste sloop fan de âlde sporthal 'De Trimmer' fan ca. € 0,15 miljoen *.

Foar útbreiding/ferpleatsing fan sport nei Tolhuispark (ynklusyf rentefoardiel) is binnen de begrutting op dit stuit € 2,0 miljoen ynvestearringskrediet mooglik **.

* it giet om in foarsjenning fia de algemiene reserve.

** Foarhinne wie hjirfoar € 1,7 miljoen krediet mooglik. Troch it rentefoardiel is dit verromme nei € 2.0 miljoen Taljochting hjirop: By de perspectiefnota en begrutting 2018 is der in kredietfoarsjenning ynsteld foar ferpleatsing fan sportferienings. Hjirfoar binne kapitaallêsten opnommen yn de begrutting, berekkene destiids mei 3,25% rente, de rekkenrente foar de begroting 2021 is berekenne op 1,9%.

Ferskaat fan ynvestearringsopjeften foar mooglike (fasearde) útbreiding en ferpleatsing fan sportfoarsjennings binne by dit alles foar perspectiefnota('s) en begrutting(-s) yn byld brocht.

Punt fan oandacht is dat in troch clubs betochte ynset fan (ek) publike middels als bydrage foar bekostiging fan clubfoarsjennings (as bygelyks te ferpleatsen sportkantine(s)) moat foldwaan oan begruttingsfereisten as

neamt yn de BBV. Troch sportferienings hjirfoar winske publike bydrage(n) kinne in dit ferbân net út gemeentelike kapitaalynvestearrings betelle wurde. Dit punt fan oandacht is ek fan belang te belûken by in publike bekostiging fan in mooglike ferpleatsing fan tennisfoarsjennings fan Harddraverspark nei it Tolhúspark. Koart gearfette komt it yn de praktyk hjir op del dat de gemeente neffens de BBV gjin jildlieningen ôfslúte kin op in eigendom of in opstal fan in tredde partij.

Wij fertrouwe der op jo ried hjir mei op dit stuit foldwaande ynformearre te hawwen yn antwurd op fragen neamt yn de riedsmoasje fan 2 july.

Heechachtsjend,

Ut namme fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Noardeast-Fryslân,

B.T.T. Schat
Loco-sikretaris

mr. J.G. Kramer
Boargemaster